

# Nijjerstaspraak Ultsje Hosper

## FNP Nijjiersgearsit, Surhústerfean d.d. 2 jannewaris 2016

Bêste minsken, bêste leden fan de FNP, freonen,

Ut namme fan it Haadbestjoer fan de FNP wol ik jimme allegearre Folle Lok, Sûnens en Seine yn 2016 tawinskje. Dat jildt sawol foar jimme sels, jimme partners, famylje en freonen. En fansels hoopje wy ek dat it in goed jier wurdt foar de FNP en foar Fryslân.

Foar my komt der nei it ôfrûne jier fol fan geweld, oarloegen, oanslaggen en flechtlingen, benammen ek de winsk fan in fredich 2016 by. Fanâlds stipe de mearderheid de ynset fan in politike oplossing, mei ûntwapening en de ynset fan it VN-fredesleger, de Blauhelms, foar it berikken fan de frede. Mar by de oarloch tsjin it Irak fan Sadan Hoessein, dêr't Grut Britannië en de Feriene Steaten fan Amearika, ek Nederlân ûnder falske útfynsels yn behelle hat, is it geweld folslein esklearre.

Ek de oarloch tsjin it Lybië fan Gadaffy is folslein út'e hân rûn. De boargeroarloch yn Syrië fan diktator Assad en de boargeroarloegen yn Afganistan, Lybië en Mali hawwe it ôfrûne jier hûnderttûzenen flechtlingen nei Europa ta gefolch hân. De bylden fan grutte streamen flechtlingen dy't yn gammele boatsjes, mei as gefolch tûzenen slachtoffers, dy't in feilich hinne kommen yn Europa sykje, hawwe it ôfrûne jier it nijs behearske. Dit jout ek by ús oerstjoer en it tsjin inoar opsetten fan befolkingsgroepen oer hoefolle flechtlingen wy opnimme kinne.

It Ryksregear lit it folslein ôf witte en skoot it op it boardsje fan de gemeenten en provinsjes. Oant no ta is de diskusje oer de opfang fan flechtlingen yn ús provinsje gelokkich goed ferrûn. De FNP is fan betinken dat wy flechtlingen goed opfange moatte, mar wol nei aard en skaal. Dizze gemeente Achtkarspelen jout it goede foarbyld.

Mar der moat dochs in oplossing fûn wurde foar de kearn fan it flechtlingefraachstik en dat is it berikken fan frede yn it Midden-easten en Afrika. Want ek de gewoane boargers yn dy lannen wolle gjin oarloch, mar yn frede libje kinne. Op'e nij fynt lykwols de diskusje plak oer hoe't wy frede berikke kinne. De iene groep fynt dat wy benammen ynsette moatte op in sterker leger, grûntroepen yn Syrië en it opkearen fan flechtlingen.

Mar de oarloch yn Irak hat ús just it Kalifaat fan de Islamityske Steat ta gefolch hân. De oare groep stribbet nei in politike oplossing, wêrby miskien wol grinzen ferlein wurde moatte. It giet hjirby net om it behâld fan de troch de koloniale machten yn de foarige iuw ynstelde grinzen fan Steaten. Mar it giet om de grinzen fan befolkingsgroepen, mei harren eigen taal, kultuer, godstsjinst en libbenswize. Dan geane de measte flechtlingen fansels nei harren roots wêrom.

As FNP hawwe wy in tige drok, mar goed jier efter de rêch. Earst wiene dêr de Provinsjale Steate- en Wetterskipsferkiezingen op 18 maart. Dy binne op himsels goed slagge. Yn Provinsjale Steaten koene wy ús fjouwer sitten konsolidearje. Troch tûk ûnderhanneljen troch ús listlûker Johannes Kramer en de nije Steate fraksje ûnder lieding fan Corlienke de Jong, makket de FNP op'e nij diel út fan it kolleezje fan Deputearre steaten, no mei CDA, VVD en SP.

By de Wetterskipsferkiezingen hat de FNP ûnder lieding fan listlûker Sake van der Meer it hiel goed dien. De FNP krige by de wetterskipferkiezingen leafst 7.000 stimmen mear as by de steateferkiezingen. Dat kin komme trochdat guon partijen net oan de wetterskipspartijen meidien hawwe, mar neffens ús benammen omdat de steateferkiezingen tige wichtich wiene foar de gearstalling fan de Earste Keamer. Dat ferklearret wêrom by de Steateferkiezingen 90 prosint op in lanlike partij stimt hat en by de wetterskipsferkiezingen mar 60 prosint.

Ek de Earste Keamerferkiezingen troch de tolve Provinsjale Steateleden op 21 maaie binne foar ús prima ferrûn. De OSF hat mei de FNP-er Hindrik ten Hoeve wer in senator yn de Earste Keamer.

Mar binne goed beskôge de Provinsjale Steateferkiezingen wol sa goed ferrûn kinne wy ús ôffreegje. Yn 2003 krige de FNP 7 fan de 55 sitten, yn 2007, 5 fan de yntusken 43 sitten. Yn 2011 ferlear de FNP in sit, mar kaam foar it earst yn de skiednis yn it deistich bestjoer, Deputearre Steaten fan Fryslân. No is der wer sprake fan konsolidaasje mar yn tsjinstelling ta de FNP by de Gemeenteriedsferkiezingen is der by de Provinsjale Steateferkiezingen de lêste tolve jier gjin sprake mear fan groei.

Blykber kinne wy as FNP provinsjaal sjoen, mar net struktureel boppe de 10 prosint fan de stimmen útkomme, wylst wy yntusken yn trije gemeenten de grutste binne mei hast 30 prosint fan de stimmen. Boppedat makket de FNP yn njoggen gemeenten diel út fan it deistich bestjoer, it kolleezje fan B&W.

Wat wy no provinsjaal dogge, moatte wy goed dwaan, mar dêr haw ik mei de nije fraksje ûnder lieding fan Corlienke de Jong en ús deputearre Johannes Kramer alle fertrouwen yn. Mar wy moatte no al wurkje oan de kommende ferkiezingen yn de gemeenten, it Wetterskip en Provinsjale Steaten. Wy moatte permanint yn ferkiezingsstriid wêze troch ús hearre te litten, sawol yn de doarpen, de stêden, de provinsje, mar ek yn De Haach.

Fan dit Rânestêd-kabinet ha wy yn neat te ferwachtsjen. Dat blykt wol no't Nederlân dit jier foarsitter fan de EU wurdt. Beide wichtige Europeeske gearkomsten sille yn Amsterdam hâlden wurde; de regio telt net mei. Goed dat de FNP hjir fia in parseberjocht fan Sybren Posthumus as earste op reagearre hat.

Mar de basis leit fansels yn Fryslân. De basis fan de FNP leit by de krapoan 1200 leden, dy't troch de bûtenwacht as tige fryksinnich beskôge wurde. Dêr is fansels neat mis mei. Oft wy útgean fan 2.000 stimmen fan FNP-ers by de lêste Steateferkiezingen dan kinne dy oare 23.000 fan it totaal fan 25.000 stimmers ek as fryksinnich beskôge wurde. Mar dêrbûten

binne dochs ek wol op syn minst 25.000 potinsjele stimmers dy't stribje nei it behâld fan Fryslân, mar dy't guon stânpunten fan de FNP te benepen fine.

Neffens my en oaren binnen de FNP, sa hat wol by de evaluaasje fan de lêste ferkiezingen bliken dien, is it tiid foar fernijing, ferdjipping en ferbreiding fan de FNP. De FNP soe har ûntjaan moatte ta in brede folkspartij foar alle Friezen; dan krije wy ek in breder kader.

Dêrta moatte wy in koers útsette dy't rjocht docht oan de hjoeddeiske útgongspunten fan de partij mar ek iepen stiet foar nije ynsichten. Wy moatte ús hjirby net allinnich rjochtsje op Fryske saken mar ús ek oer lanlike ûnderwerpen in miening foarmje. En dy mieningen en stânpunten moatte wy, mei help fan de nije media útsutelje, net allinnich nei de leden, mar nei alle Friezen en ek yn De Haach. Op dizze wize kinne wy mear Friezen en nij kader by de polityk fan ús partij belûke. Want útgongspunt bliuwt fansels it wurkjen fan út de mienskip, mar mei it gesicht nei de takomst.

Bêste minsken, ik rop jimme hjirby op oan de âlde wearden fan de FNP fêst te hâlden, mar tagelyk foar nije ynsichten iepen te stean en op dizze wize te wurkjen oan in FNP dy't der is foar alle Friezen.

Ultsje Hosper  
Foarsitter FNP